

# 64 *Nei dokter*

pasjint	Dokter, ik ha in seare hân.	<i>de seare hân foarút stekke</i>
dokter	Do krijst fan my in moai ferbân.	<i>dokter hâldt in roltsje ferbân omheech</i>
pasjint	Dokter, ik ha in iepen hakke.	<i>de seare foet foarút stekke</i>
dokter	Ik sil der in pleister opplakke.	<i>dokter hâldt in pleister omheech</i>
pasjint	Dokter, myn halske docht sa sear.	<i>nei de hals wize</i>
dokter	Mei in drankje is 't sa wer klear.	<i>dokter hâldt in fleske omheech</i>
pasjint	Dokter, ik ha in seare búk.	<i>oer de búk wriuwe</i>
dokter	Gau op bêd mei in waarme krúk!	<i>dokter wiist nei de doar</i>

## **Suggestjes**

- Brûk der in roltsje ferbân, in pleister en in fleske by.
- Ien is dokter en ien is pasjint.
- Der kinne ek fjouwer pasjinten wêze of fjouwer groepkes.